

NIJSBRIEF

Sjoch foar nijs yn it Frysk: ItNijs.frl



Ried fan de
Fryske Beweging

Bûterhoeke 1 - Postbus 2637, 8901 AC Ljouwert
www.fryskebeweging.frl - ynfo@fryskebeweging.frl

Achte lêzers,

Ljouwert, april 2023

Hjirby de earste nijsbrief fan 2023 om jim by te praten oer de aktiviteiten fan de Ried. De lêste jierren krigen de stipers fan de Ried de nijsbrief altyd by DE NIJE yn. Sa't jim lykwols witte, wie it net langer mooglik om fierder te gean mei DE NIJE. It lêste nûmer kaam yn desimber 2022 út. Dizze earste nijsbrief fan 2023 ferstjoere we no tagelyk mei ús jierferslach oer 2022 en de útnûging foar de Grutte Ried op moandei 15 maaie om 19.30 oere yn Nij Franjum te Marsum.

Bestjoer Ried fan de Fryske Beweging

Takomst fan de Ried

De lêste nijsbrieven begjinne steefêst mei in haadstikje oer de takomst fan de Ried. We hawwe it dêr it ôfrûne jier ferskate kearen mei de by ús oansletten selskippen en ús stipers oer hân. Op de lêste Grutte Ried, 27 oktober 2022 yn Marsum, waard it konsept-beliedsplan mei ûnder oaren de plannen foar in oare struktuer yn diskusje jûn. Dêrnei koe noch skriftlik reagearre wurde. Yn desimber hat it deistich bestjoer it beliedsplan 2023-2027 doe fêststeld. It is te finen op ús webside (www.fryskebeweging.frl).

Doel fan dy nije struktuer is om as bestjoer slachfeardiger en effisjinter wurkje te kinnen, oanslutend by de praktyk fan no. Dêrta sil de foechhawwende Ried omfoarme wurde ta in **Advysried** en neist de goed funksjonearjende **Politike kommisje** (de POK) sil in **Mienskipskommisje** ynsteld wurde om in better netwurk op te bouwen yn Fryslân.

De folgjende stap is in wiziging fan it karbrief om dy nije struktuer te formalisearjen. De wizigingsfoarstellen wurde yn 2023 foarlein oan de Grutte Ried. Sadwaande sil 2023 wat in oergongsjier wurde om de nije opset hannen en fuotten te jaan. In nije pr-kommisje sil dêr in belangrike rol yn krije. De kommunikaasje mei it grutte publyk moat better, it belang en de wearde fan it Frysk en wat de Ried dêroan bydrage kin moat dúdliker oer it fuotljocht brocht wurde. Us pr-man yn it bestjoer, Simen Hofman, hat alfêst in oanset skreaun foar de nij te foarmjen pr-kommisje om mei oan 'e slach te gean: *Nije beweging yn 'e Ried*.



Nijs út it bestjoer



Wy binne bliid dat it slagge is om in nij bestjoerslid te finen: Pieter de Zwart. Hy stelt him graach oan jim foar:

“Sûnt april 2023 mei ik de Ried fersterkje as bestjoerslid. Ik bin hikke en tein yn Damwâld, dêr't ik noch altyd wenje. Yn it deistich libben wurkje ik as dosint op ROC Friese Poort yn Drachten. Ik jou dêr les oan studinten fan Middenkader Engineering en IT. Dêrneist bin ik aktyf as oersetter Frysk foar Waze. As hobby mei ik graach reizgje, dat ik bin wol gauris yn it bûtenlân te finen. No is Fryslân fansels it bêste lân fan d'ierde, mar sa út en troch moatte je dy befêstiging wol wer efkes krije. De Fryske taal giet my tige oan it hert en ik wol my as bestjoerslid ynsette foar de fersterking fan de posysje fan it Frysk yn de maatskippij. Myn ekspertize op it gebiet fan IT en ûnderwiis kin ik dêr grif by brûke.”

Fan ús juridysk meiwurker en adviseur Frank de Boer ha we spitigernôch yn desimber 2022 ôfskied nimme moatten. Hy koe syn taak net langer kombinearje mei syn oare wurksumheden. Frank hat ús fjouwer jier bystien mei goeried oangeande saken dêr't we (juridyske) advizen goed by brûke koene.



Bertus Postma ferstoarn

Op 6 jannewaris 2023 ha we ôfskied nimme moatten fan Bertus Jans Postma, taalstrider yn ieren en sinen. Postma hat jierrenlang weardefolle bydragen levere oan 'e Ried as fertsjintwurdiger fan de Jongfryske Mienskip. Hy wie oan 'e ein ta in trou besiker fan de gearkomsten fan de Grutte Ried. Wy tinke mei grut respekt oan syn oanhâldende krewearjen foar in rjochtfeardich plak foar de Fryske taal. Hy hat dêr ûnder oaren mei berikt dat alle wetternammen yn Fryslân no offisjeel yn it Frysk binne. Bertus Postma is 93 jier wurden.

Firda en it Frysk

Yn nau oparbeidzjen mei de Afûk hat de Ried yn desimber in brief stjoerd nei it Kolleezje fan Bestjoer fan Firda. Firda is de grutte mbû-fúzjeskoalle dy't ûntstiet út it gearfoegjen fan de Friese Poort en it Friesland College. De Ried wiist op it belang fan in goed plak foar it Frysk yn de opliedingen. Ek al om't neffens ûndersyk in soad mbû-studenten yn Fryslân oan wurk slagje en it in grutte pree is om de taal dan machtich te wêzen. Yn de reaksje stie it folgjende te lêzen:

Als College van Bestuur van Firda staan wij nog steeds achter de gezamenlijke doelstelling het Fries in het middelbaar beroepsonderwijs te versterken. Wij onderschrijven het belang van het Fries in het economisch verkeer. Vorig jaar rond deze tijd hebben we als ROC Friese Poort, Friesland College en Aeres aangegeven samen met de Afûk en provincie Fryslân de schouders onder het Fries te zetten. De gezamenlijke ambities en de daarbij behorende doelen en werkzaamheden zijn vastgelegd als onderdeel van Taalplan Frysk 2030. De handtekening die we als ROC Friese Poort en het Friesland College onder het convenant 'Mei-inoar sette wy de skouders ûnder it Frysk yn it middelber beropsûnderwiis' hebben gezet, blijft ook zeker gelden voor Firda.

Ynbring nije BFTK

Oer de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) dy't yn 2024 yngiet, hat de Ried tagelyk mei in tal oare Fryske organisaasjes yn desimber oerlis hân mei provinsjaal amtners dy't de petearen dêroer tusken Provinsje en Ryk tariede. Wy hawwe in tal punten nei foaren brocht dêr't wy fan fine dat se thús hearre yn dy nije BFTK. Wy neame hjir inkele:

- It brûken fan it Frysk moat in subsydzjebetingst wêze as de provinsje subsydzje jout oan organisaasjes yn (benammen) de kultuersektor.
- Stribje nei 100% trijetalige skoallen yn it primêr ûnderwiis. Ast de talen jong oanleart, hast in basis foar de rest fan dyn libben.
- Soargje foar minder frijbluwendheid fan de oerheid wêr't it it Frysk oangiet. It Ryk en de provinsje hawwe in soarchplicht.

Fierder hawwe wy konstatearre, dat in soad punten dy't de provinsje wol, oerienkomme mei wat de organisaasjes ek wolle. Wichtich punt dat nei foaren kaam is dat der struktureel oerlis komme moat tusken Ryk en provinsje en belange-organisaasjes yn it fjild.



Oerlis Steatekomitee Frysk

In oerlis mei it Steatekomitee Frysk wie fanwege omstannichheden al in kear útsteld nei febrewaris, mar besletten is om no mar te wachtsjen oant nei de ferkiezings. Der sil dan in Steatekomitee yn in nije gearstalling sitte dêr't we by op besite sille. It Steatekomitee is yn desimber noch wol in kear oanskood by ús Politike kommisje (POK) om te praten oer saken dy't yn de nije BFTK opnommen wurde moatte.

Wurkje by It Nijs

It Nijs hie al in aardich bestân oan kolumnisten en dat is koartdeis ek noch fiks útwreide mei in moai espeltsje nijen. Al in hoartsje fersoarge Anne Dykstra in kolum oer taboewurden en hold Folkeline Papjes in bloch by oer de tariedings foar de nijjiersrevu op 'e Jouwer. Okkerdeis kaam Arjan Hut derby mei bydragen dêr't er gedichten yn keppelet oan aktuele ûntjouwingen. Gabriëlle Terpstra sil har spesjaal rjochtsje op de jongerein, ûnder oaren mei filmresinsjes, en Janna van der Meer set útein mei in bloch oer de transysje fan in buorkerij nei in duorsum bedriuw. Hein Jaap Hilarides is allyksa fan doel en kom geregeld mei bydragen. Syn earste wie in besprek fan in boek oer de histoarje fan It Bilt foar de ynpoldering.



Nei omtrint 14 jier bydroegen te hawwen oan de nijsfoarsjenning op It Nijs, nimt redakteur Henk Wolf no ôfskied. Tige tank Henk foar dyn krewearjen! Mei dêrom is der by It Nijs altyd noch ferlet fan frijwilligers dy't reportaazjes meitsje kinne of fraachpetearen hâlde of gewoan efter de kompjûter nijs garje en dêr in nijsgjirrich Frysktalich artikel fan meitsje wolle. Gadingmakers kinne kontakt opnimme fia ynfo@itnijs.frl.

Steateferkiezingen 2023

Op 15 maart wiene de Steateferkiezingen. De Ried hie de partijprograms fan de santjin partijen dy't yn Fryslân meidiene, spesjaal besjoen op de stânpunten en foarnimmens oangeande it Frysk. Yn oanrin nei dy ferkiezingen ha we alle dagen op It Nijs sa'n bydrage publisearre. De partijen mei it measte omtinken foar it Frysk wiene D66 en de ChristenUnie. Fan de gruttere partijen hiene PvdA en VVD der it minste plak foar ynromme. It makke foar de kiezer blykber net út, al dy partijen ferlearen. De iennichste kolleezjepartij dy't stimmen wûn en dy't út soarte foar it Frysk stiet, de FNP, falt bûten de kolleezje-ûnderhannelingen. No mar hoopje dat de partijen dy't it Fryske regear foarmje sille, BBB, PvdA, CDA en CU, it Frysk it needsaaklike omtinken jouwe.



Petear mei OCW

Op 16 maart hawwe Nynke Beetstra en Arjen Dijkstra mei adviseur Geart Benedictus yn Swol in petear hân mei in delegaasje fan it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW). Oanlieding wie in brief dy't wy foarich jier ferstjoerd hawwe oan de Ried fan Europa oer it Frysk ûnderwiis. It wie in noflik petear oer wat ús dwaande hâldt. It wie fernuverjend wat OCW by de ein hat op it mêd fan it Frysk en hoe posityf sy der út soarte foaroar steane. We hawwe ôfpraat dat wy punten by har ynbringe, dy't se meinimme kinne yn de petearen oer de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal & Kultuer (BFTK).

Oanslutend op dat petear ha we fia in ynternetkonsultaasje ynsprutsen oer in wetswiziging oangeande it draachflak foar it Frysk yn it fuortset ûnderwiis.

Oersetwedstriid Randy Newman

Foar de tredde kear organisearre de Ried fan de Fryske Beweging yn gearwurking mei magazine DE NIJE in oersetwedstriid. Dizze kear as opjefte om in oersetting te meitsjen fan nei kar 'Sail Away', 'Birmingham' of 'Old Kentucky Home', alle trije Newman-lieten. In grut part fan de mear as tritich dielnimmers wie sneintemiddei 19 maart nei kafee Stanja State yn Oentsjerk kaam om de útslach fan de wedstriid te hearren, te sjongen en te harkjen nei sjonger Adri de Boer, dy't mei Giny Bastiaans en Kees Tholen de sjuery foarme.

De organisaasje en lieding fan dy tige slagge middei wie yn hannen fan ús âld-foarsitter Pier Bergsma, dy't dêrmei syn lêste put foar de Ried op in treflike wize ôfsleat. In wiidweidich ferslach en lûdsfragminten fan de lieten binne te finen op It Nijs.



Op de foto f.l.n.r. Sybrig Bethlehem (3e priis), Frits Feddema (earfolle fermelding), Hein Jaap Hilarides (2e priis), Adri de Boer (sjuery), Kees Tholen (sjuery) en Pier Bergsma. De earste priiswinner Peter Miedema koe spitigernôch noch net oanwêzich wêze.

Plombrief foar Joana Duarte



De Ried stjoert geregeld Plombrieven nei persoanen of ynstânsjes dy't har ynsette foar it Frysk. Op 6 april gie sa'n Plombrief nei Joana Duarte.

De Ried wurdearret it stribjen fan Joana Duarte tige om har warberens foar it Frysk yn it algemien en yn it bysûnder om har Fryske identiteit fêst te lizzen troch by de ynboargeringseremoanje op 18 jannewaris ll. de belofte fan ferbûnens yn it Frysk út te sprekken. Har aksje hat derta laat dat út 'De Haach' wei dúdlik waard dat sa'n eed of belofte ek inkeld yn it Frysk útsprutsen wurde mei. Dêrmei hat se in foarbyldrol ferfolle foar bûtenlanners dy't har yn Fryslân fêstigje. Boppedat spilet se as lektor meartaligens in wichtige rol yn it fersterkjen fan de posysje fan it Frysk yn it heger ûnderwiis yn Fryslân.

Fedde Schurerlêzing op sneon 25 novimber



Fêst foar jim bûsboekje: de Fedde Schurerlêzing 2023 sil wêze op sneontemiddei 25 novimber 2023 by Tresoar. Schurer wie pasifist en mei it each op de ûnrêst dy't der op dit stuit yn 'e wrâld is, like it ús goed om dizze kear mei it tema op dy eigenskip oan te sluten. Neiêre ynfolling folget.

Sturtswylje

As de Ried troch ynstânsjes of selskippen útnûge wurdt, besykje we dêr safolle mooglik op yn te gean.

Sa wiene we de ôfrûne moannen ûnder oaren fertsjintwurdige by de folgjende byienkomsten:

- It Krystkongres fan de Federaasje fan Fryske Studinteferienings yn Frjentsjer;
- Oanbieding fan de evaluaasje fan it 'Taalfeestje' troch BMD-Frysk op it provinsjehûs;
- In gearkomste fan it Obe Postmaselskip yn Tresoar mei Oek de Jong en Geart de Vries;
- De Algemiene Gearkomste fan it Frysk Boun om Utens yn Lelystêd mei û.o. Peter Tuinman;
- De DINGTIID-lêzing 2022 yn De Haach oer it Europeesk Hânfeest mei as sprekkers senator en parlemintsfoarsitter fan de Ried fan Europa Tiny Kox en bestjoerskundige Heinrich Winter.

www.fryskebeweging.frl

